


DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN




INWONERS VAN OUDEGA OPGELET !

In onze gezellige Kenborch- slijterij
vindt u ..

- ★ Binnen- en buitenlands gedistilleerd.
- ★ Kenborch- kwaliteitsmerken.,
altijd laag geprijsd !
- ★ Week in week uit aantrekkelijke
voordeel aanbiedingen.
- ★ Prettige persoonlijke bediening.

KENBORCH SLIJTERIJ
G.S. ADEMA
BUORREN 17
NAAST ONZE VEGÉ- PLUS.
TEL. 05127- 1371



Kenborch
voor al uw dranken

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Samplers:
R. Jansma - Udema
B. Wijma - v.d. Wal
L. de Jong
C.T. Pool - Bruinsma

Samlerskip:
Achterwei 5
Till. 05127 - 1726

*KOPIJ FOAR IT FOLGJENDE NUMER (SINTERKLAASUTJEFTE MEI MIVERO)
YNLEVERJE FOAR 4 NOVIMBER O.S. OP IT BEKENDE ADRES*

YNHALD:

boargemaster

ferieningsnijs: kinderspul

it witten wurdich: oan'e bestjoeren
welling bar nijs
evangelisatie concert
swipe milieu
soc. fonds bouwnijverheid
praatgroep ouders buitenbeentjes

fan alles wat: ballade fan mata hari
nuveraardichheden
neisimmer - tj. de jong
de minsken hjirre - tj. de jong
puzzel

skiednis: blauwe stien
dit wiene ek aldegeasters
âlde foto

doarpsomropperke

sosiale wurklist

kulturele wurklist

dy't by it stimmen fan dy ried net iens mei dwaan mei. Eins is dat ynheljen dus een feest foar plysjes en riedsleden; in bestjoerder waard der net yn helle, want, sa't wy witte leit it bestjoer fan in gemeente yn'e hannen fan de gemeenteried, dy't de boargers sels keazen ha. De boargemaster is adviseur fan'e ried.

Ut'e kranteferslaggen wie ek te fernimmen, dat de riedsleden wat langer wat kritysker begjinne te tinken oer de manier wêrop in boargemastersbeneaming ta stân komt. Want de hiele gong fan saken by sa'n beneaming is einliks mar gekoanstekkerij fan de demokrasy. Der is sont Louis Napoleon, de Frânsman dy't fan 1806-1810 kening fan ús lân wie, en dy't it amt fan boargemaster yn syn hjoeddeiske foarm ynsteld hat, net folle feroare. Hy wurdt noch altyd beneamd troch de sintrale oerheid, dêr't er de fertsjintwurdiger fan is.

Mear krityske lûden út'e ried wei dus. Mar nuver en tsjintstridich mei dy krytyk wie de útspraak, dy't de fraksjefoarsitter fan de PvdA die, ek út namme fan'e oare fraksjes, tink ik: de riedsleden, dy't oars yn'e ried altyd Frysk prate sille dat de earste twa moanne net dwaan om de nije foarsitter de kâns te jaan om him op dat punt yn te wurkjen. Mar hoe, yn'e goedichheid, moat de man him dan yn-wurkje? Hoe kin er yn twa moanne leare om it Frysk te ferstean as elkenien Hollânsk tsjin him praat? En as men ienris mei Hollânsk begjint, kin men dan oer twa moanne wol maklik wer oerskeakelje?

Riedsleden binne troch it folk keasen om de gemeente te bestjoeren en sitte net yn'e ried om de boargemaster nei de mûle te praten. Dy man is hjir út eigen frije wil kommen, hy hat sels nei de baan sollisitearre. Wy hiene dan ek ferwachtsje mocht, dat er him goed taret hie op wat him yn in Fryske gemeente stie te wachtsjen. En oars hie kommissaris Hedzer Rypstra him der op wize moatten. Wat de taal oanbelanget is dat yn alle gefallen net bard. It folk moat him mar by menhear oanpasse: de âlde regimentaliteit.

BOARGEMASTER

As ik te seil gean kin op'e kranteferslaggen, dy't ik der fan lêzen haw, dan is it ynheljen fan'e nije boargemaster diskear net sa'n útwrydsk, suver wat byzantinisk barren wurden as seis jier lyn. En dat is ek mar goed. Want wa waard der eins yn helle? It haad fan'e gemeenteplyse en de foarsitter fan de gemeenteried

L. de J.

It spyt my ta de teannen út, dat troch in flater fan myn kant, it ferslach fan 'e bernespultsjes in moanne te let yn 'e Doarpsomropper kaam is. Myn ferûntskuldiging dêrfoar.

R. J.-U.

KINDERSPUL ALDEGEA 1981

Foardat it safier is, tinke we, hoe soe it allegearre komme. It waar, komme der wol bern, is der help genôch, falt it program wat yn 'e smaak ensf. No't alles wer efter de rêch is, sizze we, wêr hawwe wy oer yn sitten. It wie wer in prachtige wike, it waar wurke mei, de bern wienen der, help wie der mear as genôch en de spultsjes foelen ek noch yn 'e smaak. Alhoewol it foar de lytskes wolris wat te slim wie. In oar jier sille wy dêr in bytsje mear omtinken oanjaan. De lêste dei fan 'e spultsjewike hawwe wy in lyts ûndersiik dien nei wat de bern moai fûnen en wat net. It wie nijsgjirrich om ris troch te lêzen, wat der allegearre op it papier set wie. Oer it generaal fûnen se alles wol moai. Der wienen in pear dingen, dy't der wat útrûnen. Sa as it kampfjoer, bosspul, springkessen en sels pankoek bakke. It huttenbouwe moast der ek wer komme waard der sein. Inkele suggestjes wiene: hockey, volleybal, spultsje mei bannen omsette, fytstocht, disco, film f.o. 11 jier en libbend guozzebrief. Ideeën genôch dus foar it oare jier. Ik wol ek noch graach de jonges en famkes, dy't sa spontaan mei holpen ha, om dizze wike slagje te litten fan herte betankje. It wie yn ien wurd **g e w e l d i c h !** Ik hoopje, dat we sizze kinne, oan't it oare jier. De útslaggen fan 'e spultsjes fan freed sûnen ek yn dizze krante, mar spitigernôch wienen net alle nammen ynfolle op 'e listen, sadat it no oergean moat. Wol komme hjir de útslaggen fan it fiskjen en fan 'e bisteboel.

F I S K J E :

6 en 7 jier

1e pr.	Geertsje Reitsma	18,7 cm.
2e pr.	Paul Elsenga	11,7 cm.
3e pr.	Grietsje Jelsma	8,5 cm.

8 en 9 jier

1e pr.	Heleentje Jelsma	23,7 cm.
2e pr.	Jannie Feddema	22,8 cm.
3e pr.	Bonnie v.d. Velde	22 cm.
rest	M. Steenhuis	11,2 cm.
	A.J. de Vries	10,6 cm.
	Marja Wiersma	9,5 cm.
	Willy Schonenburg	9,4 cm.
	Petrus Arendsz	9 cm.
	Klaas Veenstra	8,3 cm.
	Folkert Ensing	8 cm.
	Jeroen v. Reenen	7,4 cm.

R I J L E S ? ? ? ? ? ? ?

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?
of wilt u **SNELLER** uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook
een
A U T O M A A T ! ! ! !

Autorijschool W. PIJL, Ureterp
Foareker 27 tel. 05125 - 2151

Gedipl. instructeurs:

Wiebren Pijl	Ureterp	05125 - 2151
Niek Zwart	Surhuisterveen	05124 - 3144
Piet Aans	Hemrik	05166 - 497

en voor OUDEGA e.o.:

Geert v/d Klijn	Drachten	05120 - 15210
------------------------	-----------------	----------------------

onze **GARANTIE:**
een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona binnenkort
B.M.W. en Renault ! ! !

*Men kin foar ien kear wolris tsjin in hear tarre,
sei Jelke, en hy kocht in pikelhjerring.*

10 en 11 jier

1e pr.	Tryntsje Visser	41,3 cm.
2e pr.	Richard Sikkes	17,7 cm.
3e pr.	Reinder Jelsma	14,2 cm.
rest	Anneke de Haan	11,5 cm.
	Roel Wiersma	9 cm.
	Margriet Hoekstra	8,2 cm.
	Egbert v. Reenen	8 cm.
	Bart Jelsma	7,5 cm.

12 jier en âlder

1e pr.	Wibe v.d. Zee	102,5 cm.
2e pr.	Geert v.d. Heide	81,7 cm.
3e pr.	Roel Jongsma	80,4 cm.
rest	Henk v.d. Wal	32 cm.
	Cor Tjeerdsma	31 cm.
	Liesbeth Wiersma	11,5 cm.
	Willeke Reitsma	10,5 cm.
	Froukje de Jong	10 cm.

DRUKKERIJ



B I S T E B O E L :

Aldere geiten

1e pr. W. de Groot
1e pr. Sj. Algra
2e pr. H. Hospes
2e pr. L. Oosterhof
2e pr. H. de Vries

Dwerggeiten

1e pr. W. Geerligts
1e pr. U. Zanstra
2e pr. R. Tolboom
2e pr. T. Lammers

Bokken

1e pr. F. Reitsma
2e pr. M. Tjeerdsma

Pony's

1e pr. H. Reitsma

Slak

2e pr. Tr. v. Dijk

Kwartels

1e pr. M. Jelsma

Staby en wetterhûn

1e pr. Geartsje Reitsma
2e pr. Minke v.d. Bij
3e pr. Anneke de Haan

Boxer

1e pr. C. Tjeerdsma

Oare rassen

2e pr. Sj. Leistra
2e pr. M. Nolles
2e pr. E. v.d. Wal

Katten

1e pr. Peter Bergsma
1e pr. Lodewijk en Fonger
Bruinsma
1e pr. Roelof de Jong
2e pr. Y. Wijma
2e pr. S. Weening

Jonge geiten

1e pr. M. Tolboom
2e pr. S. Algra
2e pr. Sj. Algra
3e pr. A. Wiersma
3e pr. Joke Tjeerdsma

KAMPIOEN

Geiten: H. Tolboom
Dwerggeiten: W. Geerligts

Skiep

1e pr. J. v.d. Veen

Cavia's

1e pr. M. Lammers

Kom mei fisken

1e pr. M. de Haan
2e pr. B. v.d. Velde

Poedel

1e pr. A. v.d. Heide

Dútse staander

1e pr. H. v. Staveren
2e pr. W. Reitsma

KAMPIOEN hûnen

C. Tjeerdsma

KAMPIOEN

Peter Bergsma

Kninen (âldere)

1e pr. M. de Haan
1e pr. R. Sikkes
1e pr. M. Polstra
1e pr. H. v. Zonneveld
2e pr. A. de Jong
2e pr. M. de Haan
2e pr. Fr. de Jong
2e pr. Gebr. Veenstra
2e pr. R. Kooistra
2e pr. W. Elzinga
2e pr. A. de Haan
2e pr. A. Wiersma
3e pr. W. Jelsma

KAMPIOEN kninen

Richard Sikkes

Jonge

2e pr. C. Herder
2e pr. G. Huisman
2e pr. A. de Haan
2e pr. E.A. Vries
3e pr. W. Jelsma
3e pr. R. Wijmenga

Hollanders ensf.


1e pr. G. Huisman
1e pr. W. Reitsma
1e pr. A. Veenstra
1e pr. R. Hoekstra

Dit wie it dus. Rest my te betankjen de beide skoallen, kuorbalkklub Quick, Tineke en Tjitske de poppekastspilers en net te ferjitten Auke de Boer. Fierder eltsenien, dy't meiwurke hat om de bern fan Aldegea in moaie wike te besoargjen. It oare jier wer sa.

Aaltsje Ensing

"S P A R" WINKELIER

WIEBE J E L S M A



VOOR AL UW:

LEVENS MIDDELEN
AARDAPPELEN, GROENTEN en FRUIT
DROGISTERIJ-ARTIKELEN
HENGELSPORTARTIKELEN
HUISHOUDELIJKE ARTIKELEN
ENZ.

WEER IN VOORRAAD:

ANTISPRUIT
TULPENBOLLEN

Tel. 05127 - 1439

IT WITTEN WURDICH

Troch in oparbeidzjen mei de MIVERO, komt de novimberkrante al fòar de Sinterklaasaksje, dêrom fòar 16 novimber, út.

Alle kopij moat dan foar 4 NOVEMBER o.s. yn-levere wêze!

De samlers

* * *

Op 21 novimber is der lykas der yn Bonn wie, in fredes-anti-kearnbewapeningsdemonstraasje yn Amsterdam. Wa't op dy sneon derhinne wol, kin yn-formaasje krije by J. v. Dijk, till. 05120 - 19301, of him of har dêr opjaan. Graach foar 13 novimber. By sa'n 10 dielnimmer kin de bus ek yn Aldegea komme.

* * *

OAN'E BESJOEREN EN OARE LEZERS

Yn foargeande Doarpsomroppers hawwe wy frege om:

- âlde Doarpsomroppers, fral maaienûmers
- resepten
- puzzelgrapkes
- mear aksje fan'e ferieningsbestjoeren (data bank b.g.)

Soe yn'e bestjoeren oan'e oarder komme kinne dat der ien oanwiisd wurdt dy't alle nijs trochjout oan'e Achterwei 5?

Wy wolle graach helpe, mar kinne it ûnmooglik al-linne dwaan. Boppedat kinne wy net witte wat der allegear oan'e oarder is of komt. Wy hearre graach fan jimme.


R. J.-U.

* * *

"WELLING BAR NIJS"

Ny't men fernommen hat is der yn'e bedriuwsfiering fan'e "Wellingbar" in feroaring kaem. Der is yn safier in wikseling kaem what betreft it Horeca-diel fan'e saek. De hear Wim de Vries hat dêr mei W.H. Welling it behear krigen. De boppeseal en it wettersport-diel bliuwe yn behear fan W.H. Welling, ek de Schilderskursus en eksposysje giet gewoan troch sa't it wie. Om't it wol soun is wer ny bloed en in oar gesicht to sjen liket it in goede saek, en de hear Wim de Vries hat syn spoaren dan ek al 12 jier fertsjinne yn dit Horeca-vak, sadat it yn'e takomst ek wis is dat men tige gesellig yn een oangename sfear yn'e "Wellingbar" jo wiet en droech krije kin. Der wurdt oan tocht ferskate aktiviteiten to organisearjen, mar dêroer letter mear.

W. Welling



It is guon minsken like folle
oft de ko skyt of de bolle

Mar foar in goed stik fleis, sa ha 'k ûntdekt
komt it de measten tige krekt

Dêrom en dit is tocht ik kleare taal
stiet kwaliteit by ús sintraal

En smakket it jo tige lekker
tinke jo, hjirfan wol 'k mear

Dan steane wy mei de bekende kwaliteit
foar fulling fan jo friezer klear

Dus foar Ijirre, snijwoarst of
in stikje rikke spek op brea

Hoask oanrikkemedearre

OEDS PIETERSMA

SLACHTER ALDEGEA

* * *

EVANGELISATIE CONCERT

Datum: 14 novimber
Plaats: Gereformeerde Kerk in Oudega
Tijd: 20.00 uur

Medewerkers:
De gospelgroep "Joy for People" uit Dokkum o.l.v. S. Soorsma.

en

Chr. muziekvereniging "Looft den Heer" uit Oudega o.l.v. K. van der Woude.

Het belooft een mooie avond te worden met als slot een gezamenlijk optreden.

* * *

SWIPE-MILIEU vriendelijk schoonmaakmiddel

SWIPE en aanverwante artikelen, zijn verkrijgbaar bij:

Johanna de Vries
De Wear 5

Ook voor vrijblijvende inlichtingen hierover kunt u bij mij terecht.

* * *

BEKENDMAKING Soc. Fonds Bouwnijverheid

In verband met de wintersluiting kunnen vakantiezegels worden ingeleverd op 11 november 1981 van 19 uur tot 21 uur, bij Alle Schonenburg, Jachtweide 15 te Oudega.

Hout- en Bouwbond C.N.V.,
Afd. Oudega



In earm wiif kin jin likefolle pleagje as in ryk, sei de boer, dêrom nim ik mar in ryk.

Neveda®

BREI MET NEVEDA

NEVEDA carlina - f 1,70 per bol
NEVEDA dupla - f 2,25 per bol

Kent U de kwaliteit NERVOLON - SPORT ?

- * Zeer voordelig en ijersterk
- * Geschikt voor sokken en truien
- * Kan in de wasmachine gewassen worden, krimpt niet
- * Voor 1 paar sokken hebt u plm. 2 bollen nodig

NEVEDA crocket: prachtig haakgaren

DE NIEUWE NEVEDA BREIGIDS f 5,95

VERKRIJGBAAR BIJ:

KOOISTRA'S TEXTIEL

Buorren 22

Tel. 1258

O U D E G A (Sm.)

PRAATGROEP OUDERS BUITENBEENTJES

In Drachten bestaat sinds een aantal maanden een praat(werk)groep voor ouders van buitenbeentjes. Deze groep is ontstaan naar aanleiding van een ingezonden stuk in de Leeuwarden Courant van een ouderpaar met een M.B.D.-kind. Deze wilden graag in kontakt komen met andere ouders met zo'n kind, om o.a. ervaringen uit te wisselen.

Daar er zeer veel reacties uit heel Friesland binnen kwamen, heeft dit echtpaar in samenwerking met de Stichting Pedagogische Thuisbegeleiding Balk een avond voor belangstellenden georganiseerd. Op deze avond bleek, dat veel ouders behoefte hadden om met anderen van gedachten te wisselen over de problemen van hun kinderen. Er zijn dan ook een aantal praatgroepen gevormd, ingedeeld naar leeftijd en woonplaats. Het blijkt dat ouders binnen de praatgroepen erg veel van elkaar leren en elkaar steunen. Omdat er nog weinig over M.B.D.-kinderen bekend is, stuiten deze kinderen en hun ouders vaak op onbegrip. Wat is nu precies een buitenbeentje?

Dit kind wordt ook wel aangeduid als M.B.D.-kind (Minimal Brain Dysfunction). Vertaald in het Nederlands is dit: een kind met een lichte hersenfunktie stoornis. De oorzaak van deze stoornis ligt waarschijnlijk vóór, tijdens of na de bevalling; het kan zijn dat deze kinderen tijdens de bevalling een beetje extra in de verdrukking hebben gezeten, en daardoor een tijdelijk zuurstof gebrek kunnen hebben gehad. Afhankelijk van de graad, de aard en de plaats van de beschadiging -doch ongeacht hun afkomst en de wijze waarop ze zijn opgevoed- kunnen deze kinderen een aantal zeer kenmerkende eigenschappen vertonen: ze zijn on-rustig, on-geconcentreerd, on-kundig, on-gericht, on-achtzaam, on-geremd in heel hun doen en laten, in hun waarneming en in de verstandelijke verwerking daarvan. Kortom: ze zijn on-beheerst. Hoe on-gemakkelijk, on-beleefd, on-willig, ja zelfs on-uitstaanbaar deze kinderen zich kunnen gedragen (waarschijnlijk omdat ze vaker hun hoofd stoten en meer op hun kop krijgen dan ieder ander kind), ze zijn in het algemeen de on-schuld zelve en juist in hun argeloze on-rijpheid vaak erg lief en aandoenlijk. Wat hun verstandelijke capaciteiten betreft doen ze niet onder voor een ander kind. Dat ze op school vaak minder presteren komt niet, doordat ze qua aanleg on-ontwikkeld zijn, maar door hun on-nadenkendheid. Hierdoor brengen ze zichzelf vaak in discrediet en hun omgeving tot wanhoop.

We hopen, dat we door dit artikel meer bekendheid hebben gegeven aan en vooral meer begrip krijgen voor de buitenbeentjes en hun ouders. Voor mensen, die meer informatie willen over het omgaan met en het hebben van een M.B.D.-kind, kunnen we de volgende boeken aanraden:

- "Het andere kind" R.S. Lewis e.a.
- "Buitenbeentjes" W.M. Cruickshank
- "Opvoeding van een hyperactief kind" M. Stewart en S. Olds
- "Eén op de tien" Reinhart Lempp



In boer moat de kij troch de bek melke.

FAN ALLES WAT

BALLADE FAN MATA HARI

*Mata Hari, spionne en bajadère,
dy wist de wegen yn Babylon,
mar hja soe as ien út it Noarden stjerre
dy iere moarns, foar it peloton.*

*Trije jier stiet it kanon oan 'e grinzen
fan Frankryk, mei dêrefter it ferrie.
Tolwe rjochters hawwe oer de finzene
it skuldich sprutsen foar wat hja die.*

*Under de parte fan Saint Lazare
nestle dy simmers in lytse swel,
hja hat dêr seis moanne lang nei stoarre
drôf troch de traaljes fan har sel.*

*Soms kaam de evangelist op besite,
en dy lei de finger op mannich fout;
hja neamde him yn in wrange rite:
myn Lazarus sûnder klepperhout.*

*En Léonide, de lytse religieuse
dy skodde de brits op al den dei,
hja die oan "ma pauvre danseuse"
't ferhaal fan Esther en Mordechai;*

*en fan de frou mei de albasten flesse
oan Christi fuotten mei hier en trien.
Mar hja wie in grut dûnseresse
en leafde en leafde is net jimmer ien.*

*Doe stie op in moarntyd foar de poarte
de lichte wein mei in swart koetsier.
De seldoar pipe. "Mefrou, jo moatte
my folgje," sei de jonge ofsier.*

*Hja skreau trije brieven by it finster,
hastige brieven mei dit beskeid:
"Ferjou, dat ik as in merketinster
stean moast op 'e merke fan de idelheid".*

*Op it strafplak blaffe de befellen
skril troch de stille oktobermoarn.
Hja sjocht Léonide kraletellen:
"O Jezus, Marije, nim har oan!"*

*Hja glimket effen troch de wale,
en dan, trochspat mei de âlde glâns,
lit hja de eagen jít ienkear dwale
by de wizende karabinen lâns.*

*Der falle seis slaggen fan 'e tuorren,
(Hark, is dat de slach fan de Aldehou?)
Gods graasje giet oer frouwen en huorren,
oer Parys en it lot fan in deade frou.*

Douwe A. Tamminga.

NUVERAARDICHEDEN UT OERE BLEDEN

Vrijwel ononderbroken scheen donderdag in een groot deel van Nederland de zon, waarbij het 's middags 19 graden werd. Dit terwijl een regendag werd verwacht. Helaas is het nog steeds zo, dat regen-gebieden zich niet altijd volgens de verwachting gedragen.

(Volkskrant)

Wij vinden het nu genoeg dat er regelmatig bloemen van ons graf verdwijnen. Indien het niet gaat ophouden zullen wij andere maatregelen treffen.

De familie Haenen-Franssens.
(Publi-pers, Tienen)

ELKENIEN WIT IT: WY BINNE
FERNEAMD OM ÚS LEGE PRIZEN.
EN DAT JILDT FOAR AL ÚS ARTIKELS!
DER IS FOAR ARK, IZERWAAR, GAAS,
KNIEREN, SLOTTEN, PEALLEN, ensfh.
GJIN BETTER EN GOEDKEAPER ADRES AS:



B A. Th. de Boer en Zn. b.v.
B drachten, folgeren 16, tel. 05120.18205

rêding foar boer en túnker en ark

WELLING - BAR

Petit - restaurant



- * als vanouds het café met de fijne sfeer
- * prima keuken en fijne wijnen
- * geschikt voor kleine recepties en vergaderingen
- * diverse exposities van amateurschilders op de bovenzaal
"De Bûthússouder"

"DE SLAG"



Antiquairs, juweliers, diamantairs, taxateurs

Ook deze week veel keus in eethoeken, kasten, secretaires, buffetjes, glaskasten, Friese stoel- en staartklokken, reguleurs, porselein, tin- en aardewerk.

Op onze juweliers-afdeling:

ZILVEREN GEBOORTEPELS

- v.a. f 195,-
gratis gegraveerd.

VERLOVINGSRINGEN

- in 14 kt. v.a. f 225,- p.p.
bekende merken voorradig.

SPECIAAL DEZE MAAND:

Goud, zilver, briljant,
Oosterse- en perzische tapijten
20% korting.

Dus nergens meer keus en altijd goedkoper.

Kortom bij de Slag voor elk wat wils,
kom vrijblijvend even langs.
Het is altijd de moeite van een reisje waard.

"DE SLAG"

Selmien 2, Olterterp
a/d weg achter de melkfabriek, richting Ureterp
Tel. 05125 - 1695

Bus — Voor wie alleen reist is de bus de goedkoopste manier van vervoer. De moderne bussen hebben toilet en bar en bieden veel comfort. (Wel van te voren informeren). Meestal komt men in de plaats van bestemming aan.

(ANWB-kampioen)

Het was voor mij als buitenstaander een boeiend humoristisch correct draaiboek.

(Skoalle-koer)

Universiteitsraad

De Universiteitsraad heeft in zijn vergadering van donderdagavond, 17 september, zeer uitvoerig gediscussieerd over de vraag of het wenselijk zou zijn, de aanvang van de raadsvergadering van 19.30 u. in de avond te verplaatsen naar de tweede helft van de middag. Door stemming werd uiteindelijk daartoe besloten. Na nieuwe discussie werd gestemd over de vraag of men om 16.00 u. of 17.00 u. met de vergadering zou beginnen. Omdat hierover de stemming staakten werd besloten voortaan om 19.30 u. in de avond te vergaderen.

(Rijks Univ. Limburg)




esa travel counter

BUORREN 11
OUDEGA SMALL.
TEL. 05127 - 1755*

vliegreizen
cruises
safari's
expedities
scheepspassages
groepsreizen

chalets
touringcarreizen
treinreizen
wereldvliegreizen
wintersport
bejaardenreizen



Wilt u lakbeschadigingen van uw auto zelf bijhelpen?



BOVAG-lid

Wij mengen voor u elke kleur autolak op onze verfmengmachine.

A U K E D E V R I E S - Garagebedrijf/Autospuitinrichting
Gariperwei 2 - OUDEGA Sm. - Tel. 05127 - 1777

Alle rieders binne gjin dieders.

NEISIMMER

De luzerne is fan kant. De lêste heapakken binne ferline wike makke, dat no is it wachtsjen op it combinen fan de mais. Dit sil yn begjin October begjinne kinne. Dan wurdt allinne de maiskerrel derôf helle, en fynmealt yn'e silo blaast. De mais stiet der best foar, en der wurdt fuort alwer op spekeard. Der binne nochal wat boeren dy't in twahûndert bunder ferboud hawwe. Sels moatte se 'n 60 - 100 bunder brûke, en dan wurdt it oerstellige ferkocht. Mar is de opbringst heech, dan binne de prizen leech. Foarhinne wie dit ek sa mei de molke, de bargaen, de hinnen, kalkoenen en de weet en hjouwer, koarn en rogge, mar dêr binne koöperaasjes foar oprjochte, bihalve foar de bargaen, dy geane noch mei de merk op en del. Foar in goede merk, en dan foar produsint en konsumint is koöperaasje njonken spekulasje in goede saak. De koöperaasje is hjir wat op in oare basis as yn Fryslân. Hjir is in bistjoer, dy't de prizen fêststelt, en dan de molke ferkeapet oan'e spekulasje. Sa ek de bouprodukten. Us weet giet dan ek oer de Board (bistjoer), we krije direkt de skatte helte fan'e priis útbetelle, en om krysttiid hinne de oare helte. Mids July is ús weet combined, 10 bunder. Dêrnei hawwe wy dit lân draineard, en sa bliuwt it lizzen oant de nachtfroasten komme, dan kin it grien, dat der no op groeit, ôfstjerre, en dêrnei moat it omploege wurde. Dus no binne we oan it oprêden mei âlde fredings, ris in dei deropút om de direkte omjouwing wat to ferkennen. Sa hawwe wy in dei nei de Niagara wetterfallen west. En in dei wat yn'e kontreien fan Hamilton omzwalke. Mar dêr hat it ferline wike benei de hiele wike reind dat it in leave lust wie. De ierappels stiene noch krekt mei de boppeëin fan har lof boppe it wetter. De fakansjeminsken yn'e omkriten kamen by de karavan oan, en dan stienen dy soms healwei yn't wetter. Bar, sa'n wetter. De hiele dei brûnden de strjitlampen, en de auto's hienen de greate ljochten op, it wie krekt as rieden jo midden troch de wolken. Sa kin it wetter hiel ûngelyk delkomme. By ús yn Dunville hawwe we in moaye simmer, mei op'e

CORSETTERIE

Corsetten en B.H.'s passen en kopen bij u thuis

Voor deze kostenloze service kunt u terecht bij:

Mevr. A. ter Wisscha - Bleeker
Sânbuorren 5, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1950

Gediplomeerd corsettière

Belt u gerust eens vrijblijvend voor een afspraak

Uitsluitend bekende kwaliteitsmerken

OOK
Steunkousen, protheses, ondergoed

K.v.K. nr. 64967

tiid ris wat wetter, mar komme jo de kant út nei Hamilton der is it de hiele simmer fierstende wiet. De skoallen binne allegear ek wer begûn. Moarns om 8 oere sette de bern wer ôf mei de bus, en jûns healwei 4 binne se wer thús. De fakansjes binne hjir lang, krapoan 3 moanne. Mar in hjerstfakânsje en ierappelsekantsjes, ierappeldoldersfakânsje en kachelsekantsjes sa't se dat froeger neamden dat bistiet hjirre net, it giet no it hiele jier oant ta-kommende simmer ta, sadat se wer like folle oeren meitsje as yn Aldegea. De lêste augurken binne ferline wike levere. We hienen in kontrakt foar 20 ton, en dit hawwe wy de lêste dei fan leverjen fol krigen. De fabriek hellet se no wer út Amerika, want de tiid hjirre is oer, der komme tefolle krûme en misfoarme augurken. It hat in moaie tiidfulling west foar de skoalbern, en de skoallen kinne der benei fan betelle wurden. Dêr moatte wy 4500 dollar oan betelje. Sa giet it libben hjir stadichoan fan'e simmer oer yn'e hjerst, en dy kin hjir hiel moai wêze, nei't men seit. Buorman Langerap fertelde fan'e middei noch dat se soms yn Desimber noch yn it boesgroen op'e trekker sieten te ploegjen. No wy sille hoopje dat dit ek jilde sil foar de neitiid fan 1981.

Tj.H. de Jong

NEISTKRIFT

Boppesteande brief fan Tj.H. de Jong út Kanada krige ik op 1 oktober yn'e bus, dat dy koe fansels net mear ôfprinte wurde yn it septimbernûmer fan ús Doarpsomropper. Dêrom sjogge jim him hjir yn it wynmoannenûmer stean.

L. d. J.



DE MINSKEN HJIRRE

Om jimme in ynsjoch te jaan oer it minskdom hjirre, ha ik by ien fan de earste emigranten op'e kofje west, om út syn mûle te hearen en op te skriuwen wat har ûnderfinings hjirre binne en om op dy manier in portret fan dizze minsken te krijen. De man is no 75 jier en wie 45 mei emigrearen.

1. Wat beweegde jimme om te emigrearen?

Dat is in núvere fraach. De jonges kamen út Indonesië en hja koene it mar min fine op it âlde dorp. Dat hja begongen wakker te praten oer Kanada. No, ik sei tsjin de jonges: "Jonges wat jimme wolle, my bêst, mar dêr kom ik net". Mar heit kin wol ris mei nei sa'n man ta, net?, seine se. No dat koe wol. We komme der by sa'n emigraasjeman yn Ljouwert.

No, sei de man, jo woene emigreare? Ik sei: "Wolnee man, ik kom hjir mei de jonges". "No", sei de man, "ik kin jo namme ek wol efkes opskriuwe". No, ik sei, dat wurdt mei my niks, mar skriuw mar op, it kostet dochs neat wol? It is frijbliuwend. Wy kamen de jûns thús, en ik stap efter de bisten lâns te ôffuorjen, en de bisten seagen my oan, mar ik sei tsjin de bisten: "Jimme baas giet net fuort hear, dêr prakeseart er net oer".

"Wat klonk my dat nuver yn'e earen, en ik leau fan de bisten ek, hja sille wol tocht ha, wêr hat er it oer, wêrom seit er dat, om himsels tsjin te praten?

Us âldste fanke hie ferkearing mei in sekere Jetse, en dy prate ek wakker mei, dat de kommende dagen hienen we oars gjin praat as Kanada. Ik sei: "Jonges dêr leit foar jimme miskien wol takomst", en jûns by it ôffuorjen fertelde ik de bisten: "Jimme baas giet net fuort hear!". Wy komme wer by de emigraasjeman yn Ljouwert en dêr seit my dy man, wy ha ynljochtings hjir en dêr ynwûn oer jo en jo hûshâlding, en jo kinne wol emigreare. No ik waard al wat oars yn'e mage en doe't ik de jûns ôffuorre, ha ik mar niks tsjin de bisten sein, mar ik ha se wol in lang skoft oansjoen. Mar om dit ferhaal mar net einleas te rekken, binnen de twa moanne sieten wy op'e boat. En as je my no freegje, wêrom: It is groeid, jo wurde op it lêst dreun.

2. Hoe wie Kanada by jimme kommen?

No dat wie al oars as wy ús foarsteld hienen. Wy komme mei de trein oan yn Smithville, en wurde ôfhelle troch de fieldman. Dêr ha wy in skoftsje west, want wurk moast der noch foar ús opsocht wurde. Op in dei komt der in man, sa't der wol faker Kanadese boeren komme by de fieldman, dy't wol goed wie foar ús. Dêr binne wy mei gongen. Dizze man wie tagelyk ek gemeente bestjoerder, en sa wol gauris fourt mei it lear om'e hakken, en in minske kin net alles tegelyk sei er, it iene moat lije ûnder it oare. (Ik kin der wol ynkomme). Dêr ha we in bêste tiid hân, de man hat ús aardich paadwiis makke yn de gebrûken hjirre, en de taal, en nei 10 moanne hat er my holpen oan in farm. 2000 dollar hiene wy mei de hûshâlding by inoar skrept en de nije farm moast \$ 8000 kostje, hûs, feestallen, lân (40 ha) en fee en machines. De boer is mei my gongen nei de bank, om wat der te min wie oan sinten. Mar dat gong net sa mar. De bankdirekteur hat my wakker it himd fan't liif frege, en ik ha him alles sa earlik mogelik ferteld. Mar wêr't ik net op rekkene hie, de oare deis stie de bankdirekteur foar de doar, om alles nochris nei te gean, de hûshâlding ris oersjen, oft de frou der wat mei koe en safuorthinne. Alles is yn oarder kommen, en wy ha altyd op'e tiid oan ús ferplichtingen foldien. Doe't we lyk wienen mei de bank fertelde de direktEUR my noch dat er ek noch ynljochtings frege hie oan de dokter, hoe oft de emigrant wie. No, sei de dokter, fan bûten liket er goed, mar as jo him fan binnen sjen wolle, dan soe ik him wol efkes foar jo iepensnije kinne. De bank makket fan elke klant in krekke beskriuwing en dat sit allegear opslein yn Toronto. Dêr kinne alle ynljochtings ek wei frege wurde by sollisitaasje ensafuorthinne.

3. De kanadeeske mienskip, hoe ha jo dy belibbe?

No dit binne sa oer it algemien goede minsken, kalm en hja sille jo noait útlaitsje as jo mei taal moeilikheden sitte. As de bakker ien kear yn'e wike kaam, dan rôpen de lytse bêrn al oan mem: "Dêr komt de bakker oan". En as de bakker wer fuortgong dan seine se hiel fetsoenlik: "Dag, bakker". Lange tiid duorre dit sa, oan't wy wat

VEEHOUDERS VAN OUDEGA



Laat ook in het komende winterseizoen Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

Fa. TOERING

staat voor U klaar om voor U o.a.:

te **KUILSNIJDEN, SLOOTREINIGEN, WALKANTSNIJDEN, MEST- EN GIERVERSPREIDEN, GREPELFREZEN** en ook **KRAAN- EN DUMPERVERHUUR.**

Wij zijn ook in het bezit van een motorkettingzaag voor het rooien van Uw boomwallen.

Eernewoude: 05117 - 9387
Oudega: 05127 - 1582

Beleefd aanbevolen,
Fa. TOERING

thúser waarden yn'e taal, en wy der achter kamen dat bakker yn de omgongstaal hjirre kloatsek besjút. Doe wie't út.

4. De mienskip fan de Nederlanners hoe ha jo dat belibbe?

Dit wie yn it begjin in hechte mienskip, en sneins wie in heechtiid-dei. Dan waard by de tsjerke al de belibbenissen fan'e wike ferhannele. De iene hie goede dingen meimakke by de boer, en de oar hie't de wike wer min troffen mei de boer. De measten ieten ek yn tsjerke om't de reis te fier wie om tusken de preken nei hûs. Alles waard meilkoar belibbe de âlden praten mei har leeftiids-genoaten en de jongeren fermakken har tusken-tiids ek goed, sa wie der in sociale bân dy't elk nau oanelkoar ferbûn. Wie der sykte yn in hûshâlding, elk stie klear, en wie der wat te fieren, elk wie oanwêzich. Sa waard der brullofte by in jong span, mar neitiid gong der ien mei de pet bylâns en dizze rûngong wie goed foar de onkosten.

In pear kear hat der in routsjinst west, dan wie de tsjerke fol, mar ek de bân mei de neibesteanden wie grut. Net ferjitte dit wie yn'e pionierstiid. Want doe't elk him rêde koe en sa bot net ôfhong fan in oar, is toch de bân wat losser wurden.

5. Hoe seach de Kanadees oan tsjin de Nederlanner?

Oer it algemien goed. It wie kloek en helder folk, net bang foar it wurk, en kriich yn har om foarút te kommen, wat dan ek binei elk slagge is. De prizen fan'e farms waarden heger, mar graach seach de Kanadees in Nederlanner op syn farm as er ferkeapje woe, en mei dêrtroch hie de Nederlanner in protte kredyt by de Kanadees. Der binne 25 jier ferlyn dan ek ferskate farms oergongen yn Nederlânske hannen foar \$ 8000 - \$ 30000. Dat kaam dan del op sa'n 100 dollar de acre (2 1/2 acres is in bunder). De emigrant fan doe yn de tiid fan no is dan ek in geseten boer measten-tiids. Der binne ek ferskillenden oergongen yn in oar berop, mar dy ha it ek goed. Sa hat Kanada yn de lêste 30 jier in opgeande ekonomy troch-

makke, krektlyk as West-Europa, dêr't de emigranten omraak fan profiteard ha. Kochten se yn't begjin fan de sechtiger jierren de farms foar om'e 30000 dollar, hjoed de dei jilde deselde farms 10 kear safolle.

6. De lêste fraach oan'e emigrant fan'e fyftiger jierren:

Wat soene jo no tsjin de bisten sizze, by it ôffuorjen?

Ik soe tsjin de bisten sizze, bliid dat ik hjir hinne kaam bin te wenjen, de tiid wie soms dreech, mar de sosiale bân grut, en dat jout waarmte oan it libben. It lân is rûm en it klimaat noflik. Der binne net folle wetten dy't jo hinderje yn de ontjouwing. As ik sa fergelykje by Fryslân, dan siz ik: der is mar ien Fryslân, en dat ferjit ik nea, mar foar it neikommende slachte is hjir mear libbensrûmte. Alhoewol de krappe tiid fan eardere jierren brocht de minsken tichter byelkoar, dan de tiid fan hjoed, wêr't elk himsels wêze kin. Yn al de wielde fan dizze tiid, geane faak de tinzen werom nei de tiid fan ús begjinnen hjirre. Goede tiden doe, en no, mar oars!

Dit wiene inkele yndrukken fan ien persoan hjirre, in momintopname.

Tsjibbe.

OPLOSSING TELGRAPKE:

Om tolve hynders yn alve hokken te krijen moat men earst twa hynders yn it earste hok stalle.

1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	11
1,2	3	4	5	6	7	8	9	10	11	12

It tolfte hynder komt dus út it earste hok.

NIJE PUZZEL

1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	11	12	13	14	15
2														
3														
4														
5														
6														
7														
8														
9														
10														
11														
12														
13														
14														
15														

Horizontaal:

- 1 krom - soort stof - ogenblik
- 2 leerling - gebladerte - vroeger heerser van Venetië
- 3 inhoudsmaat - familie - tandeloos zoogdier - zwart paard - aankomend
- 4 pers. vnw. - bijwoord - mann. dier bloeiwijze - water in Utrecht - kraan
- 5 hondenriem - best - oppergod - profeet
- 6 slachtoffer - voorzetsel - koning (fr.) - vis - bijwoord
- 7 familielid - hoofddeksel - oud IJslandse literatuur
- 8 familielid - titel - lokspijs - stuk stof - deel v.e. schip
- 9 windrichting - tobbe - havenstad - bijb. figuur - scheik. symbool
- 10 spiritualiën - Griekse letter - zouteloos - insgelijks
- 11 voedsel - wraakgodin - omlaag - titel - wortel
- 12 opstootje - hemellichaam - doden
- 13 lidwoord - modder - godin v.d. jacht - dieren-geluid
- 14 water in Amsterdam - strijdgewoel - Ind. dorp - nors
- 15 zoen - zangnoot - appelsoort - achter - voorzetsel

Vertikaal:

- 1 geduld hebben - buiten - waterkering
- 2 oude lengtemaat - roofdier - huidopening - vogel
- 3 verstand - wilde haver - vrucht
- 4 voorzetsel - deel v.e. cirkel - boom
- 5 overheid - moeilijkheid - scheepstouw
- 6 rustoord - Russisch gebergte - wilde woudezel
- 7 meisje (Ind.) - genade - plaats in Gelderland
- 8 hoon - soort - elk - voegwoord
- 9 vr. titel - strijd - gelofte - vreemde titel
- 10 geneeswijze - reeds - toneelspeler
- 11 was - adm. troepen - vogel
- 12 bijb. figuur - achter - ondervinden - uitroep
- 13 vogel - afbeelding
- 14 effen - uitgave - rivier in Spanje
- 15 waterdoorlatend - groot bouwwerk in Egypte - vogelverblijf

OPLOSSING PUZZEL SEPTEMBER:

- 1. brug 2. Noor 3. Indo 4. maan 5. lava 6. Uria
- 7. oker 8. dank 9. Alva 10. vuil 11. Iris 12. eter
- 13. nest 14. vete 15. ieme 16. item 17. eelt 18. slee
- 19. taal 20. meta 21. edel 22. lood 23. ergo
- 24. aker 25. trek.

CAKE SUNDER OVEN

2 aaien
rojaal 1 theekopke sûker
rojaal 1 theekopke bakmoal
rojaal 1 theekopke cocosmoal of rezinen
helte fan in pakje bûter

Bûter en sûker goed riere. Aaien apart klopje, bakmoal der stadich troch dwaan. Cocos of rezinen derby.

Alles trochinoar riere. Doch alles yn in mei bûter fet makke pan mei dikke boajem en set de plaat op l. It lid der goed op hâlde en yn in oere gear wurde litte. Faaks kin it ek op gas, op in flamferdieler, sa'n tsjok, metalen plaatsje.

R. J.-U.

SKIEDNIS

BLAUWE STIEN

Wa't yn Aldegea oan't graven giet dy sil sa liker-nôch de folgjende grûnlagen fine:

swarte grûn;
skiersân;
felst;
gielsân;
stienlaach; (sân mei balstiennen)
balstienliem.

Oarsponklik rikte it giele sân oan boppen ta; de kleurferskillen yn'e trije boppeste lagen binne troch plantegroei ûntstien. Tige opfallend is ûnder it sân de laach liem mei balstiennen. De laach balstienliem is net oeral like tsjok; ûnder Aldegea is se 6 m tsjok.

Liem is griisblauw fan kleur en taai. Troch dy taaiens kin it goed streamend wetter ferneare, it lit him net maklik útinoar skuorre en fuortspiele. By it meitsjen fan de Ofslútdyk en de diken fan de Suderseepolders is it om dy eigenskip dan ek in bulte brûkt.

As liem útdroeget wurdt it eartiids faak brûkt foar it meitsjen fan de telle yn in boerepleats.

Yn de liemlaach sitte, sa't hjir boppe al stiet, balstiennen. Balstiennen binne gjin produkt fan minskehannen, se komme net út in fabryk, lykas bakstien; Balstien is natuerstien en natuerstien komt fan bergen. Mar bergen ha wy net yn Fryslân en dus moatte dy balstiennen dy't wy by graafwurk út'e grûn helje earne oars wei komme. Bekende grutte balstiennen, dy't yn ús omkriten út'e grûn kommen binne, binne de Blauwe Stien, de Drachtster "kei" en de Burgumer Poppestien. Al ieuwenlang hawwe minsken balstiennen út'e grûn helle en se brûkt, net allinne as stien yn'e snijbeanepot, mar ek om it wetter te kearen, en as fûnemint fan tsjerke-muorren en fan skuorrestilen en om der strjitten fan te fluorjen. Noch net iens sa môle lang lyn wie yn ús gemeente it stienklopjen in foarm fan wurkfer-skaffing. En no wurde se ek noch brûkt om rots-túntsjes te meitsjen. Der moatte wol en enoarmen

Zijn liefde voor eenvoud

Hij draagt graag gemakkelijke kleren.
En in z'n vrije tijd doet hij geen enkele concessie.
In deze pullover voelt-ie zich 'n vrij man.

Pullover met een sportief patroon.
Goed te combineren met wat voor shirt dan ook.
Van goed wasbare acryl.
f 67.50



Nagel
Bergum, Schoolstraat 5



soad fan dy stiennen yn'e grûn sitten ha, want de minsken ha se al ieuwenlang brûkt. In namme as Stienkampen wiist ús noch op dy grutte stienrykdom.

Hoe't dy stiennen yn'e grûn kommen binne, der ha de minsken lang oer sitten te harseskrabjen. Se soene wol yn'e grûn groeie, waard der wol tocht. Se binne hjir op iisskossen hinne dreau, wie in oare théory.

De geologen wiisden der lykwols op, dat alle stiennen, dy't te uzes yn it balstienliem fûn wurde, gelyk binne oan'e stientmen, dy't om'e Eastsee hinne foarkomme. Dat binne dus de kontreien, dêr't se wei komme. Lang lyn, mear as 100.000 jier lyn, mar geologen sjogge net op in pear jier. Dy lykje folslein oertsjûge te wêzen fan Petrus syn wurden, dy't ienris skreau: "dat ien dei by de Hear is as tûzen jier en tûzen jier as ien dei".

Ut it noarden komme dus de balstiennen. Mar hóe binne se hjir dan kommen. Om koart te kriemen: mei gletsjers. Machtige iestreamen, dy't yn'e s.n. iistiid oan ús kontreien ta rikten, hawwe dy stiennen op har reis hjir hinne meiskood. Dat meiskowen gong net sa sêftsedich en sa waarden de stiennen op dy lange tocht min ofte mear glêdslipe en sa koene der ek maklik krassen yn'e stiennen komme: gletsjerkrassen.

Sa, no bin ik wol by Dokkum om gien om in wurdmannich te sizzen oer de Blauwe Stien. Dy is dus ek fan noardlik komôf en is hjir mei de gletsjer kommen. De krassen op'e stien binne gletsjerkrassen en de stien is in dioryt, sizze de petrologen, de stienkundigen.

Ieuwenlang hat de stien tsjinst dien as merkteken, as grinsstien op'e skieding fan'e Aldegeaster en de Nijegeaster Himrik of doarpsgebiet. De Blauwe Stien stiet al oanjûn op'e kaart fan Smellingerlân yn'e atlas fan Bernardus Schotanus à Sterringa, dy't yn 1718 útjûn is, mar de kaart fan ús gemeente waard al yn 1687 tekene. Dat in balstien op in kaart oanjûn is wiist der op, dat der in besûndere belangstelling foar dy stien bestie. De skriuwer fan it opstel "Heidendom in Smellingerland" yn it boek Smellingerland (1944) wol ha, de Blauwe Stien soe in kultusplak west ha foar ús heidenske foarâlden. In merkteken foar de ferearders fan sinne of moanne. Faaks kin der wol ien of oar ferbân west ha tusken de Blauwe Stien en de heidentimpel dy't yn Aldegea stien hat, dan soene it beide kultusplakken west hawwe fan de germaanske godstsjinst. Wa sil it sizze. As it wier is hat de Blauwe Stien mear west as allinne mar in stien om'e himriks-ein oan te tsjuten. Dan hat de stien ek noch in rol spile, neffens it ferhaal, by de ynfal fan it leger fan de biskop fan Meunster yn 1672. Mar dat ferhaal is sa bekend, leau'k, der hoech ik gjin wurden oan te wijen.

Hjir boppe stiet al, dat der in moai tsjokke laach balstienliem (6 m) ûnder ús doarp sit. Mar ûnder de balstienlaach leit in laach klaai, s.n. potklaai, en dêrby ferlike betsjut dy 6 m balstienliem suver neat. Under It Miensker is dy laach potklaai 73 m(!) tsjok. Fan -17 oant -90 m.



L. d. J.

In besteklik prater krijt gâns freonen.

**WIJ
S L I J P E N
VAKKUNDIG EN VOORDELIG**

Heggescharen
Huishoudscharen
Snoescharen

Messen, ook met kartel
Veescheermessen
Schaatsen
Zagen en beitels

Motormaaiers, ook reparatie
Handmaaiers
Motorzaagkettingen

TEVENS VOOR AL UW REPARATIEWERK

H. VEENSTRA
Sânbuorren 15
Oudega (Sm)

**Werkplaats:
Achterwei 39
Tel. 05127 - 1994**

DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

Hielendal op'e ein fan It West, krekt foar it brechje rjochts fan'e wei, dêr yn'e beammen op it kampke grûn dat H. van der Zee no brûkt, hat in hûs stien, de Fiskershutte. Okkerwyks is it ek alris neamd yn dit blêd, de lêzers fan de Doarpsomropper sille dat noch wol witte. Kees Martens de Vries wie de lêste bewenner.

Marten, Kees syn heit, is hiel âld wurden. Dat Doekeltsje de húshâldster wie witte de trouwe lêzers ek al. Mar der hat noch in man by harren ynwenne, in Tsjisse, syn fan ken ik net.

Op in dei kaam de post dêr yn'e hûs, hy moast Tsjisse de âlderdomsrinte bringe, in bewyske, want pakepong gong doe net sa wiid iepen.

"Ik ken jo net" kraaide âlde Tsjisse de post te-mjitte.

"Nee, dat sil wol, mar ik bin by en dy", ferklearre de post hastich, bang dat Tsjisse fan in ûnbekenden net iens jild oannimme woe. "Jo sille myn broer wol better kenne, tink".

"Eh, jawis ju. Nee, ja, dan is't wol goed hear", wie Tsjisse syn kommentaar.

ROCKPORT SCHOENEN

PUUR NATUUR



**Lampers
schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

Rabobank



ook voor Uw:

* REIZEN

* VERZEKERINGEN

* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

telefoon 05127 - 1533




de
echte
grienteman!

*It adres foar
1e klas
ierpels - grienten - fruit
en
libbensmiddels*

Wy hawwe wer rûme kar

*En wolle Jo in moaie fruitskaal weijaan?
Jo sizze it - of skilje ús mar*

FOLKERT DE HAAN
Tel. 05127 - 1414



Reidinga b.v. - Oudega

TELEFOON 05127 - 1323 - 1988 - 1993

- * GRONDWERKEN
- * AANLEG LANDBOUWWEGEN
- * WEGVERHARDING
- * BESTRATING
- * KIPPERTRANSPORT
- * BULDOZERWERK

Levering zand

Doe sei Marten, dy't ek wat oandacht ha woe:
"Witte jo wol hoe âld ik bin?"

De post skôge him ris goed fan top ta teil en sei:
"Nee, ik soe't net sizze doare, mar jo binne grif
al aardich âld, net?"

"Jaaa", sei âlde Marten grutsk, "ik bin al 99 jier
en 4 moanne! Ik bin de âldste fan hiel Aldegea".

"Ja", nokkere Tsjisse, "hy is de âldste en ek de
beroerdste fan Aldegea".

"Wat seit Tsjisse?" frege Marten, dy't frijwat
hurdhearrich wie, oan'e post.

"Dat wit ik net", sei dy mar gau, "ik haw it net
goed ferstien".

Yn'e oarloch stie Kees Martens op in dei mei
Tynke te praten, dêr by't brechje. Kloften flean-
masinen teagen wylst heech boppe har hollen it
easten yn. It motergebrom wie net fan'e loft. De
beide mannen seagen der nei en skodhollen.

"De ierde sil fergean", sei Kees op profetyske toan.
"Ja, sa is't", bekrêftige Tynke Kees syn sizzen.
"In rook en vuur en zwaveldamp", ferfette Kees yn
steatlik Hollânsk. "Krekt, krekt", knikte Tynke mei-
stimmend, "ja, sa stiet it yn'e Skrift".

De beide mannen hiene fan skriklike dingen
heard de lêste tiden. Fan hiele stêden dy't troch
fjoer fertard en fan minsken dy't by tûzenen te neate
makke waarden. Hja wiene fan betinken, dat Gods
langmoedigens mei't minskdom hast wol oan ein
wêze moast.

L. d. J.



*Hoe is't mooglik, sei de man, de iene wol my net
liene om't er my net ken en de oare om't er my ken.*

NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE
WINKELWAGEN



Jachtweide 7

Oudega

telefoon 1652

✦ R. v.d. VELDE ✦

Jachtwerf Eernewoude

Princenhof 3
Tel. 05117-9300 b.g.g. 9251

Fa. Westerdijk en Zn.

Gem. Jachthaven

Faansterdyk 2
Tel. 9360



Tevens voor de doe-het-zelver
is er gelegenheid voor het
onderhoud van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

Nu bij ons te zien en te rijden:

De nieuwe Datsun Bluebird 2.0
GL Diesel. Een probleemloze
kilometervreter met een geweldige
trekkracht (top: 140 km/h.),
die toch heel stil is. Comfortabel en
compleet.


Want zelfs de 5-bak, de brede
radiaalbanden, de gelaagde voorruit,
het getinte glas rondom, de AM/FM
radio en de digitale quartzklok zijn
standaard.

Efficiency? De Bluebird Diesel
loopt 1: 18,9 km bij 90 km/h. con-
stant ECE norm.

Kom eens kijken en proefrijden.
Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel

v.a.

24.495,-



Ook leverbaar als stationwagen.
Lichtmetalen wielen tegen meerprijs leverbaar.
Er is al een benzine versie v.a. 18.495,- tonen incl. BTW, af Lisse.



**autobedrijf
drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1
DRACHTEN
Tel. 05120-12100
Na 18.00 uur
Tel. 05120-14967-18575**

DATSUN Reken op Datsun.

Datsun Bluebird nu ook in 2 liter Diesel. Snel en stil.



Kwalitatyf net sa'n bêste foto, dy't hjirboppe stiet. Ik hoopje, dat se noch in bytsje dúdlik yn'e Doarpsomropper komt te stean. It is in hiel âlde foto, ik tink, mar wis bin ik der net fan, út 1908. Sy lit in stikje fan'e Buorren sjen.

It hûs foar oan rjochts wie de bakkerij fan Hylke Kylstra, no stiet dêr de bungalow fan syn soan E. Kylstra. Yn bakkersklean stiet bakker Hylke foar syn hûs op strjitte. Dat hûs hied er yn 1901 kocht fan de Douma's.

Njonken de bakkerij is it hûs fan de weinmakker Douwe Kramer (Douwe en Bontsje) te sjen en nêst Douwe en Bontsjes hûs stie de herberch fan Baaie.

Yn't foarste hûs lofts op'e foto (dêr stiet no it hûs fan frou Kielstra) wenne doe Jan Weima mei de frou. Weima waard yn Aldegea ornaris Jan Potskipper neamd. Der wiene twa wenten yn dat hûs, yn'e twadde wenne skearbaas Hindrik Herder. Fan de herberch fan Hindrik Mulder is spigernôch op disse foto net folle te sjen.

Ik wit net hokker minsken op disse foto stean, útsein de bakker fansels. Binne der lêzers dy't mear nammen witte?

Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.



De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA

TOUW
WINDSURFING
WATERSPORT

DEALER VAN ALLE BEKENDE MERKEN SURFPLANKEN.

o.j. van der baan c.u.

Noordkade 57

DRACHTEN

Tel. 05120 - 12004

KOOS BAKKER'S

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw
ruiterkleding en toebehoren
van het wereldmerk "PIKEUR"

Moleneind 44, tegenover Elmar

Tel. 05120 - 31533

b.g.g. 05120 - 12516

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle
lederwaren (tuigen, halsters)
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

doarpsomropperke



LIUW OP SKOALLE

Der wie ris in lyts famke, dat it mier oan'e skoalle hie. Se gong altyd te let de doar út. Dan most se oan-meitsje, mar dat die se nea net hurd genôch.

Op in moarn draafde se wer lykas oare dagen de strjitte del, doe't se om in hoeke rûn en der ynienen in liuw stean seach dy't har yn't paad stie. Hy stie dêr op har te wachtsjen. Hy stie har mei syn giele eagen oan te stoarjen. Hy grânzge en doe't er dat die koe it lytse famke syn tosken sjen, sa skerp as sabels en messen. Hy grânzge: "Ik sil dy opite". "Oh, leave sei", sei it lytse famke en begûn te gûlen. "Stil", sei de liuw, "Ik bin noch net útpraat. As ik mei dy nei skoalle ta mei, dan sil ik dy net opite". "Oh, leave sei!" sei it lytse famke. "Dat kin ik net dwaan. Us juffer seit altyd, wy meie gjin koedieren meinimme nei skoalle ta". "Ik bin gjin koedier", sei de liuw. Hy grânzge nochris, en sy seach dat syn sturt fan'e iene kant nei de oare swypke fan lulkens – swyp! swap! swyp! swap! "Do kinst dochs wol tsjin jim juffer sizze, dat ik dyn boarter bin, dy't mei dy nei skoalle ta giet", sei er. "No, sille wy mar?"

It lytse famke gûlde net mear. Se sei: "No, toe dan mar. Mar do moatst my twa dingen ûnthjtte. It earste is, do moatst net ien opite, dat mei net". "Ik mei wol grânzge, tink?" sei de liuw. "Ik tink fan wol", sei it lytse famke. "En ik mei ek wol brinzgje, tink?". "Moat dat dan?" sei it lytse famke "Ja", sei de liuw. "Dan tink ik, dat it wol mei", sei it lytse famke. "En wat is dan it twadde ding"? frege de liuw. "Do moatst my op dyn rêch nei skoalle ta ride". "Dat is goed", sei de liuw. Hy liet him del-sakje op it fuotpaad en it lytse famke kladdere op syn rêch. Sy hold har beet oan syn moanjes. Doe gongen se tegearre fierder nei skoalle ta, it lytse famke op'e rêch fan'e liuw. De liuw draafde mei it lytse famke op'e rêch nei skoalle ta. Mar diskear kamen se ek wer te let. It lytse famke en de liuw rûnen it skoallelokaal yn, dêr't juffer krekt de nammen fan de bern opneamde. Juffer hold efkes op doe't se it lytse famke en de liuw seach. Se stoarre nei de liuw en alle bern stoarren ek nei de liuw en tochten: wat soe juffer hjir fan sizze. Juffer sei tsjin it lytse famke: "Do witst ommers wol datst gjin koebisten meinimme meist nei skoalle ta". De liuw begûn mei de sturt te giseljen swyp! swap! It lytse famke sei dêrom mar gau: "Dit is gjin koedier. Dit is myn boarter, dy't mei my nei skoalle ta giet".

Juffer stoarre noch nei de liuw, mar se sei tsjin it lytse famke: "Hoe hjit er dan?" "Wuil", sei it lytse famke. "Syn namme is Wuil. Allinne mar Wuil.". Se wist wol, dat it net goed gean soe as se juffer fertelde, dat har boarter in liuw wie, dêrom hie se syn namme mar omdraaid: Liuw - Wuil.

Juffer sette dy namme ek op'e list: Wuil. Doe gong se fierder mei it opneamen fan de nammen. "Sytske Pjut", sei de "Ja," sei it lytse famke. "Wuil", rûp juffer. "Ja", sei de liuw. Hy preuvelde mar wat, dy de mûle mar in lyts eintsje iepen, dat juffer mar net syn tosken sjen soe, dy't sa skerp wiene as sabels en messen. Hy swypke net mei de sturt. Hy grânzge ek net. Hy siet hiel froed njonken it lytse famke.

De hiele moarn siet de liuw op'e stoel njonken it lytse famke, krekt in hiel grutte kat, froed, met de sturt om'e foarpoaten hinne slein. Net ien seach syn tosken, net ien seach syn neilen. Hy prate allinne mar as juffer wat tsjin him sei. Hy grânzge net en hy brinzge net.

Yn it boartersskoft die it lytse famke de liuw foar hoe't er molke drinke moast troch in reidsje.

"Dit is molke", sei se. "Dêr krijst sterke tosken fan".


"Moai sa", sei de liuw. "Ik moat sterke tosken ha, want ik moat bonken stikken bite kinne.

Hy dronk syn molke op.

Doe gongen se nei it skoalleplein ta. Alle bern holden op fan boartsjen en seagen nei de liuw. Doe boarten se wer fierder. It lytse famke stie op in hoekje fan't plein, mei de liuw njonken har.

"Wêrom boartsje wy net krekt as dy oaren?" frege de liuw.

It ferfolg fan dit ferhaal komt yn it folgjende Doarpsomropperke.




RIEDELS:

Wy binne fan doel om alle moannen wat mopkes en riedsels yn "Doarpsomropperke" te pleatsen. Dêr kinne wy bêst wat help by brûke. Dêrom ús fraach oan jim: Wa ken in goede mop of in moai riedsel? Do? Stjoer dy dan op nei Sary (Buorren 28a) of Loltsje (Dykfinne 2). Sels witte wy noch wol in pear riedsels. Hjir komme se:

1. Hokker noas is nea ferkâlden?
2. Wa hat tosken, mar yt noait?
3. Wêrom is in ierdbei read?
4. Hokker stien hat stipkes?

1. De noas fan in skoekh.
2. In sawge.
3. Hy skammel him foar syn pûkels.
4. In dobbelstien.

SYKJE DE FERSKILLEN



Op it ûnderste plaatsje misse seis dingen.
Tekenje dy der by en kleurje dan de plaatsjes.

SOSIALE WURKLIST

WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS
fan freed 17.00 oere oan 't sneintejûn 24.00 oere.

1 novimber	S. Vriesinga Torenlaan 17	Eastermar 05129 - 221
8 novimber	J.S. Meyboom Kommissjewei 120	De Pein 05127 - 1261
15 novimber	C. v. Staveren Rondeel 56	Aldegea 05127 - 1262
22 novimber	H.J. Amelink Greate Buorren 22	Garyp 05117 - 1264
29 novimber	S. Vriesinga Torenlaan 17	Eastermar 05129 - 221

GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.
De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.
De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

woensdag:	13.30 - 17.00 uur 19.00 - 21.00 uur
vrijdag:	13.30 - 17.00 uur 19.00 - 21.00 uur

In 'It Miensker', Fabrykswei 13a, tel. 1398

OPENINGSTIJDEN

POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur
13.00 - 17.30 uur
Woensdagsmiddags gesloten.
Tel. 05127 - 1258

RABOBANK

9.00 - 12.00 uur
13.30 - 15.30 uur
donderdagavond:
17.00 - 19.00 uur
Tel. 05127 - 1533

Ned. Midd. Spaarbank en Ass. kantoor,
It West 3, till. 05127 - 1296

Iepen fan: 9.00 - 12.00
13.30 - 17.00 en op ôfspraak

UITVAARTVERENIGING 'DE LAATSTE EER' OUDEGA

Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Penm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206.

Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

TSJERKETSJINSTEN

Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223

1 nov.	9.30 oere A. Klein, Earnewâld 13.45 oere H.J. Nolles
4 nov.	19.30 oere Dankstond H.J. Nolles
8 nov.	9.30 oere F. Meyer, Drachten 13.45 oere R. de Boer, Ljouwert
14 nov.	20.00 oere Evangelisaasjekonsert m.m.f. de gospelgroep "Joy for people" út Dokkum en de Kristlike muzykfer. "Looft de Heer" û.l.f. dhr. S. Soorsma
15 nov.	9.30 oere A. Klein, Earnewâld 13.45 oere H.J. Nolles
22 nov.	9.30 oere H.J. Nolles 13.45 oere S.L. v. Deventer, Fryske Peallen
29 nov.	9.45 oere R. de Boer, Ljouwert Tarieding Hillich Nachtmiel 14.00 oere F. Meyer, Drachten

Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117-1228

1 nov.	10.30 oere J.H. Hamoen
8 nov.	10.30 oere O. Zanstra
14 nov.	20.00 oere Yn'e Griffermearde tsjerke, Evangelisaasjekonsert m.m.f. de gospelgroep "Joy for people" út Dokkum en de Kristlike muzykfer. "Looft de Heer" û.l.f. dhr. S. Soorsma
15 nov.	10.30 oere A.J. den Hollander, Drachten
22 nov.	10.30 oere A.J. den Hollander, Drachten
29 nov.	10.30 oere J.H. Hamoen

KULTURELE WURKLIST

14 nov. Geref. kerk 20.00 uur Gospelgroep "Joy for People" uit Dokkum, en Chr. Muziekvereniging "Looft den Heer" uit Oudega.

De Pleats, Burgum, till. 05116 - 1556:

14 nov.	Dûnsje foar pearen.
18 nov.	Teniel troch de pleatslike tenielferiening foar de âlderein, f 1,50, om 19.30 oere. (Wa't in plakje yn'e auto oer hat en wa't gjin auto hat, mei dat trochjaan oan till.nr. 1726).
21 nov.	Teniel troch deselde feriening, 20.00 oere.



familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime
keuze uit de meest
originele*

**GEBOORTE-
VERLOVINGS-
HUWELIJKSKAARTEN**

DRUKKERIJ S.O.D. b.v.

Buorren 11, Oudega (Sm.)

Telefoon 05127 - 1755*

(ook 's avonds en weekends na afspraak)